

Preek fan de Leek , KfdK drs. A.A.M.Brok

Agraryske dagen Frjentsjer, 22 septimber 2024

Tank dat jimme my frege hawwe om fan 't jier yn 'e agraryske dagen de preek fan de leek te fersoargjen.

Earst tocht ik; ik bin dochs in bytsje in kat yn in frjemd pakhûs...

By it eintsjebeslút hawwe jimme in belidend roomsk katolyk frege dat yn in protestantske tsjerke te fersoargjen.

Ik haw graach ja sein tsjin de útnûging, om't dizze tsjinst oekumenysk is en ik dat moaie inisjatyf fan herte stypje.

Dizze tsjerketsjinst is in momint fan besinning yn in drokke wike fan ljocht en lûd, kin ik as bewenner fan de Foarstrjitte sizze...

Ik bin sels opgroeid yn 'e tradysje dat Hy syn tsjerke bout op de stienrots fan Petrus syn belidenis.

En alhoewol't de 'memmetsjerke' op dy rots fundearre is, haw ik de oertsjûging dat dy rots net ferstienne reitsje mei...

Thomas Halik beskriuwt it goed:

Ik sitearje:

'Oekumene is in foarm fan kristlike leafde dy't wy net fersleaukje litte meie. It is ien fan de meast betroubere en oertsjûgjende gesichten fan it kristendom...'

In iepenheid fan de Tsjerke dy't de wiid iepen earmen fan Jezus oan it krús wjerspegelet.

Nimmen stiet bûten de leafde fan Kristus'.

Ein sitaat

'Oecumene is een vorm van christelijke liefde die we niet mogen veronachtzamen. Het is een van de meest geloofwaardige en overtuigende gezichten van het christendom...'

Een openheid van de Kerk die de wijd open armen van Jezus aan het kruis weerspiegelt.

Niemand staat buiten de liefde van Christus'.

Einde sitaat

Ik bin hikke en tein yn Leerdam, dêr't in lytse hechte Roomsk Katolike mienskip in paad fine moast yn in plurifoarm protestantsk fermidden.

Myn bêste freon út Leerdam is Hersteld Hervormd en myn bêste freondinne Vrijgemaakt.

Myn sweager wie Christelijk Gereformeerd en op de Protestantsk Kristlike middelbere skoalle yn Leerdam wie in 'paap' dochs in frjemd soarte eksoat.

No sjocht de wrâld der lokkich oars út as yn 'e jierren 80 fan de foarige iuw, mar dochs...

Myn stelling is dat alles 'wat der noch in bytsje yn leaut' ... inoar nedich hat yn dizze tiid, wêryn't de yntolerânsje fan wat him tolerant neamt, folop poadium kriget....

De 'yntolerânsje' of it ûnbegryp nei kristenen is in pynlike konstataarring yn in lân dat boud is op de kristlike, joadske en humanistyske tradysje....

Ik fernim in hieltyd mear sichtber wurdende yntolerânsje, breder yn 'e mienskip. Op alderlei mêd.

It rjocht om de beledigjen liket fanselssprekkend te wêzen.

Ik bliuw fan betinken dat alles watst seist, ek fine moatst...

Mar net alles watst fynst, hoechst te sizzen....

Ik bin sels tankber Roomsk Katolyk en haw leard om te akseptearjen dat

Us Leave Hear my skepen hat sa't Hy tocht dat it goed wie...

It is de tsjerke dêr't ik lokkich bin en my thús fiel.

De tsjerke hat my foarme en is in rots yn myn libben...

Ast tsjintwurdich beneamst datst yn God leaust en dat Jezus de wei is, mei de persoansskaaimerken dy't ik haw, bist mooglik noch wol mear in eksoat as dat lytse roomske jonkje út Leerdam yn in protestantsk fermidden fan Súd-Hollân Súd....

Yn de Evangeeljelêzing fan hjoed lêze wy Markus.

Wy fernimme dat Jezus fynt dat de strideraasje fan de dissipels gjin goed doel tsjinnet.

Se tsierden oer wa't fan harren as de grutste beskôge wurde moast...

Se wiene drok mei harrensels dwaande, yn stee fan mei it keninkryk fan God...

As immen de earste wêze wol, moat hy him de lêste fan allegear en tsjinner fan allegear meitsje...

Maklik sein. Net allinne foar de learlingen fan Jezus, mar ek foar ús.

Sette wy ússels ek net faak op it earste plak?

Binne wy ek net statusgefoelich?

Fiele wy ús ek net boppe de oar stean...

Benammen fan Kristenen mei nei myn betinken ferwachte wurde dat se ûnbaatsuchtich binne.

Dat se tsjinjend binne.

Mei de oar dwaande binne,

Mei de kwetsbere,

Mei de ferskoving...

Mei dy oare dy't oars is...

Dy't bûten ús eigen libbensfermidden libbet.

Ek de lêzing fan Jakobus lit sjen dat dêr't oergeunst en
ûnferdraachsumens is, betizing en boaze hannel is.

En wurdt steld: komme de fjochterijen net troch ús gleonens?

Ek by dizze lêzings sjogge wy it ego fan de mins en net de nederigens
dy't ús sa te priizgjen stean soe...

Yn de wrâld fan hjoed sjogge wy de Bibelske ferhalen hieltyd wer
werom...

Yn 'e praktyk ...

De ferhalen fan doe hawwe neat oan krêft ferlern.

Ek de lêzings fan hjoed net...

Wy komme it op 'e dyk tsjin,

Op it wurk,

Yn ús stêd,

Yn ús tsjerke...

Op 'e telefyzje...

Yn 'e polityk...

De mienskip hat minsken nedich dy't nei inoar omsjogge.

Dy't ferantwurdlikheid nimme foar harsels en sûnder opleine solidariteit
ek ferantwurdlikheid drage wolle nei de oar ta...

En dat se fia de oar nei harsels sjogge en omkeard...

En dan in bydrage oan de mienskip leverje troch te tsjinjen....

Viktor Frankl sei:

Ik sitearje:

'Mins-wêzen hâldt de wil yn om nei te tinken en ferantwurdlikheid te dragen'.

Ein sitaat

'Mens-zijn houdt de wil in om na te denken en verantwoordelijkheid te dragen'.

Einde citaat

Dat jildt foar elkenien...

Yn 'e húshâlding, famylje, wurk, sosjale fermidden.

Net allinne foar minsken dy't yn it bestjoer fan Europa, lân, provinsje of gemeente sitte.

Ek hjir yn Frjentsjer...

Krekt hjir...

Yn Jeremia 9: 22-23 stiet te lêzen:

Lit de wize net grut gear op syn wysheid,

lit de sterke net grut gear op syn krêft

en lit de rike net grut gear op syn rykdom;

mar wol immen earne gear op gear,

lit it dan hjirop wêze,

dat er it ynsjoch hat om My te kennen;

want Ik, de Heare, bin it dy't leafde en trou bewiis,

dy't op 'e ierde soargje foar rjocht

en gerjochtichheid:

dêr giet myn hert nei út – is de

godsspraak fan de Heare.

Wy libje yn ien fan de rykste lannen fan de wrâld.

It skynt dat ek wittenskiplik bewiisd is dat wy by ien de lokkichste lannen fan 'e wrâld hearre...

Dêrbinnen binne de Friezen dan ek wer it lokkichst.

Wylst it ynkommen hjir gâns leger leit as yn de rest fan it lân...

Mar hoe moai is it as wy ek echt diele kinne...

Dat wy in part fan wat ús yn behear jûn is, brûke om oaren te helpen.

Dat neam ik in etyk fan ferantwurdlikheid.

Ek sosjale ferantwurdlikheid.

Yn in lân dêr't in soad rykdom is, mar dêr't wy tagelyk erkenne moatte dat der ek in soad geastlike en materiële earmoede is...

It is sa maklik om út ús luie stoel wei in útwei te kiezen en te tinken dat wy gjin bydrage leverje kinne of wolle oan de need fan de oar.

Wy binne der ek oan wend rekke om de ferantwurdlikheden oan de 'oerheid' oer te dragen.

Dy moat it mar dwaan...

Wy keapje it ôf...

De oerheid hat yn it ferline in soad fan it goede wurk fan tsjerken en maatskiplike ynstellings fuort treaun om't it net ûnôfhinklik wêze soe....

Kleure wêze soe...

Wy hawwe ússels 'oerheidsôfhinlik' makke....

Wy sjogge sûnt de jierren fyftich, dat de polityk yn it plak fan de etyk steld wurdt.

De wet yn stee fan morele ferplichting...

Lokkich hawwe wy yn Fryslân noch in sosjaal fermidden wêr't de neite fan 411 doarpen en relatyf lytse stêden te fernimmen is.

Wêr't de 'mienskip' noch altyd wichtich is en foar kwaliteit soarget...

Ik slút ôf...

Ik gean werom nei it begjin fan myn ferhaal.

Krekt yn 'e tiid dat wy wurch lykje te wurden en wy frustraasje hawwe
oer...

wat net...,

moatte wy it kristendom in nije kâns jaan.

Net itselde op 'en nij dwaan mei alle flaters dy't derby hearre, mar de
djipte sykje.

Wat my oanbelanget giet it dêrby oer in wei nei Jezus en mei Jezus.

En dan net op in wei dêr'tst besikest 'de grutste te wêzen'...

It leauwen yn Kristus is in wei fan hope, betrouwen en moed.

It is in wei fan leafde.

It is tiid dat elkenien 'dy't der noch in bytsje yn leaut' binnen it
kristendom, boppe himsels útgean moat.

Paus Franciscus sjocht in part fan de oplossing yn minder sintralisme en it fuortsterkjen fan it synodale prinsipe mei dêroan keppele de ferantwurdlikheid fan de lokale tsjerken.

Ik bin it dêrmei iens.

In libben kristendom is yn beweging...

It giet derom dat wy op 'en nij berne wurde...

Wy meie permanint leare om ús manier fan mins-wêzen te feroarjen...

Wy meie hieltyd wer besykje sa mins te wêzen sa't nimmen earder mins west hat...

Amen...

Boarnen;

Een gebroken wereld heel maken, Jonathan Sacks

De namiddag van het Christendom, Tomas Halik.